

Fonteineliët *(tekst & muzyk: Wim Beckers)*

Wim sjongt

Us stêden lizze as beakens
lân's wetter hân yn hân
dat is ús Fryske eigen
en foarmje in sterke bân
Se ha elk har fonteinen
elk mei syn ferhaal
oer ús gea en wêzen
echt ynternasjonaal

Allegear refrein

As ik oan Fryslân tink
tink ik oan ús alve stêden;
elk mei syn karakter
grachten en fontein
Dat bin diamanten
mei ferline en mei takomst
strieljend yn it sinneljocht;
wol'k hjir nea wer wei

Wim sjongt It wiene minsken mei dreamen
wrotters; de kop der foar
Dy't net ryk wienen
mar se gongen der wol foar

Allegear Oertsjûge fan har kinnen
wat men te bieden hie
krigen hja stedsrjochten
omdat elk syn mantsje stie

Allegear refrein

Tusken

Wim sjongt As ik in fûgel wie soe ik fleane
Oer it wetter en oer lân
Wie'k net bûn oan grinzen
en koe ik oeral telân'

Allegear Liet de klokkenklanken klinke
liet se daverje oer ús gea
Us Fryske lân dat brûzet
yn al syn hear en fear!

Allegear refrein 2x